

## Info

**Skitterje en Skûlje** gaat over de dichter Jacobus Q. Smink (1954-2024). Onweerstaanbaar charmant, maar vaak ook onhandelbaar. Sminks gedichten zijn veelal autobiografisch. Op zijn vijftigste kreeg hij de diagnose 'bipolaire stoornis'. Hij dicht openhartig over zijn ervaringen als vader, als minnaar en over de effecten van zijn stoornis, zoals verslavingen aan alcohol, nicotine en cannabis.

Na zijn jeugd in Sondel (Gaasterland) en zijn studententijd in Groningen woonde hij het grootste deel van zijn leven in Eindhoven, waar hij werkte als leraar Nederlands. Ondanks deze woonplaats bleef hij dichten in zijn moedertaal, het Fries. Daarin kon hij zich het beste uitdrukken. In 2022 keerde hij terug naar Sondel, waar hij de laatste twee jaar van zijn leven doorbracht.

Jacobus Q. Smink en Marian Hulshof kennen elkaar uit hun studententijd in Groningen. Tientallen jaren na hun ontmoeting verzocht hij haar een bloemlezing uit zijn gedichten te maken en interviewde zij hem over literaire bronnen, vrouwen en verslavingen.

Het resultaat is een biografie over Jacobus Q. Smink, wiens leven aanschouwelijk wordt gemaakt met een ruime selectie van zijn gedichten. De gedichten zijn ongeremd en humoristisch. Het is dan ook niet voor niets dat hij in 2013 gelauwerd werd met de Gysbert Japicxpriis, de belangrijkste literaire prijs van Friesland.

[Uitgeverij Elikser](#) publiceert het boek eerst in het Fries, daarna volgt de Nederlandse uitgave.

---

## Recensie, 4 februari 2025

Het boek is boeiend en met veel kennis van het leven van Smink geschreven. Zichtbaar is dat Marian Hulshof veel tijd en concentratie heeft gestoken in het schrijfproces. Maar dat is het waard. Smink is een belangrijk dichter. Met de biografie heeft zij een monument voor hem opgericht en dat verdient hij. Uit de enorme opkomst op de boekpresentatie blijkt dat velen deze inspanningen waarderen. Leven en werk van Jacobus Q. Smink worden verhelderend met elkaar verbonden. Dat was ook wel nodig, want de gedichten alleen zijn soms raadselachtig. Het valt op dat Smink vaak zegt dat hij iets verkeerd heeft gedaan als het over verbroken verhoudingen gaat. Ook, dat dat meestal het enige is wat hij erover zegt. Echt reflecteren doet hij niet. Hij moet het moeilijk met zichzelf gehad hebben. Zijn leven doet me denken aan dat van Keats en zijn Fanny.

Hij had ook gelukkige perioden en ervaringen. Zo herinner ik me hem ook. De laatste keer dat ik hem zag en sprak was in 2015 of 2016, toen hij op uitnodiging van het Obe Postma Selskip een lezing over zijn waardering van die dichter hield.

Het boek is mooi uitgegeven. Daartoe dragen ook de vele foto's bij.

Philippus Breuker

---


## Boekpresentatie op 1 februari 2025, verslag

de moAnne



(*Ferlach fan de presintaasje fan Skitterje en Skûlje yn De Gouden Leeuw op 1 febrewaris*)

Piter Boersma leit oan de ein fan de middei út hoe't **Jacobus Q. Smink** (1954-2024) út de redaksje fan de *Ensafh*. rekke. It blêd, fuortkommen út *Hjir*, dêr't de dichter al sûnt de iere jierren santich diel fan útmakke. Hy docht dit mei in tal anekdoaten. Ien dêrfan giet oer in redaksjegearkomste yn Amstelfean, om ien oere yn de middei. Smink komt net opdaagjen, mar bellet nei iterstiid liik op. Hy hat oeral yn it lân socht, mar de redaksje is nearne te bekenen. En net ien nimt de tillefoan op. Hy is liik! Op it lêst komt er dochs opdaagjen. Om ien oere .... nachts! "It wie net mear te hanthavenjen," fertelt de haadredakteur, dy't der noch hieltyd mei oan is.



Sa klonken der by de presintaasje yn de bomfolle Gouden Leeuw (minsken sitte oant fier yn de gong en harkje mei) mear fan sokke tragikomyske ferhalen. Al Smink syn broers, susters en bern binne oanwêzich. In stik of wat generaasjegenoaten, lykas Pier Boersma ("Der binne hieltyd minder fan ús!") en Piter Boersma, en ek Jaep de Jong. (Ald-) redaksjeleden fan de *Hjir/Ensafh* Jelma Knol en Hein Jaap Hilarides. Sipke de Schiffart is der, Marijke de Boer en *Dichter fan Fryslân* Arjan Hut. Pier Bergsma fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, en Jacob Haagsma fan de *LC*. Tjeerd Schuhmacher, dy't ferline jier by Elikser *De vuurtorenwachter en zijn dochter* útbrocht.

De Dichter fan Fryslân lêst Eppie Dam syn *Yn Sondel rêst Jacobus Smink*, skreaun nei it ferstjerren fan Smink op 27 jannewaris fan 2024.

*Freak Smink (lofts) mei in eksimplaar fan Skitterje en Skûlje.*

*Foto: Ingefean*

De presintaasje fan syn biografy is dus krekt in jier letter, en ien dei nei wat Smink syn 71e jierdei west hie. Dam skreau in koarte taljochting by it gedicht: "Op in sneontemiddei doe't ik op Urk nei it fuotbaljen wie, is Jacobus hjir by ús de Menno van Coehoornstrjitte yn riden mei syn scootmobyl yn folle bepakking. Nei alle gedachten is er sa it trotwaar op stoad en oer de weareld rekke. Minsken fan de buert alarmearden Lienke want de man hie it oer Eppie Dam."

Biograaf **Marian Hulshof** hie yn de jierren santich in skoft ferkearing mei Jacobus Smink, mar beide rekken inoar út it each. Net út it hert, want nei in treffen yn 2010 hâlde it kontakt. Yn 2013 krige Smink de *Gysbert Japixspriis* foar syn bondel *Sondelfal*. Yn 2019 begjint Hulshof út eigen beweging mei it skriuwen fan in biografy. Smink freget syn eardere faam om in blomlêzing út syn gedichten gear te stallen. Hulshof fertelt hoe't it har by einsluten – nettsjinsteande de nedige falkûlen, obstakels en tebeksetters – allegearre slagge is. De oersettings makke se – berne yn Gelderlân, kin



*De Gouden Leeuw rint fol. Foto: Ingefean*

wol Frysk ferstean – yn gearwurking mei de dichter. Nei syn ferstjerren krige se help fan ferskate dichters.

Oare sprekkers binne Philippus Breuker, Hein Jaap Hilarides en útjouwer Jitske Kingma. Hut lêst ek noch it gedicht *Klisjees fan in ferdreamde leafde*, út de bondel *Sondelfal*, en der is in ferrassingsoptreden fan Nanne en Ankie! Skitterje en skûlje is yn it Nederlânsk skreaun, en Hulshof hat – yn gearwurking mei Smink sels – de seleksje út syn wurk ek nei it Nederlânsk



*Marian Hulshof sinjaarret in boek foar Nelie de Vries, fan Radio Spannenburg. Foto: Ingefean.*

oersetten. De presintaasje wie fan de Fryske ferzje fan de biografy, oerset troch Amarins Moss-de Boer. De Nederlânsktalige ferzje wurdt noch útbrocht.

[Utjouwerij Elikser bringt beide ferzjes út.](#)

“Dyn rook is krûdich en smûk  
En in sinnich fum hast  
Noch dat it dy net opfalt  
In folle simmer is wat ik rûk  
Bist myn dream hoe’t it ek falt  
Jagest my it swit út de bast”


(Fragmint út *Klisjees fan in ferdreamde leafde*, Jacobus Quiry Smink)



Marian Hulshof & Jacobus Q. Smink

# Skitterje en skûlje


*Jimladream,  
it libben fan in  
bipolêre dichter*



*Sierk Andela en Piet Bonte. Foto: Ingefean*



*De sprekkers krije in kadootsje. Foto: Ingefean*



*Ferrassingsoptreden Nanne en Ankie jout ekstra kleur oan de middei. Foto: Ingefean*